

14 SEPTIMBER SWIMBADTERREIN
WOMMELS



fanôf 17.00

foar mar €8 bist al binnen!

AC/DC-TRIBUTE
CRAZY/DAISY **MR. WALLACE**
BLACKBOXRED **COSMIC U**
XIGATZE **EINSTEINBARBIE** **HALLO VENRAY**
MAGICAL MYSTERY TOUR - BEATLES TRIBUTE
FEMMES VATAAL **WILLIE DARKTROUSERS** **EELTSJE HETTINGA**

PROGRAMMAKRANTE

STIPERS:


JRF Producties
fotografie • media • video

LEANBEDRIUW
OKKEMA
EASTEREIN (0515) 331366



FKWWI



Oer it Greidhoek' Festival

Foarwurd Foarsitter

It Greidhoek' Festival is in eigensinnich festival fân freonen, tróch freonen, fóar freonen en méi freonen. Doe't ik foar it swimbad fan Wommels in opfolgjer socht foar Klomprock, dat eartiids hâlden is foar it swimbad doe't it hast slúten wurde soe, begong ik dêr oer mei freonen. Die like it wol wat en die sochten der freonen by, minsken mei ideeën en mei ferstân fan saken en foaral minsken fol entûsjasme foar soks wat as in echt festival yn Wommels. Se gongen sels al graach nei oare festivals, se hâlden fan muzyk en ferskate oare foarmen fan keunst. En se woenen it graach mei dwaan foar it swimbad.

We setten útein mei Ate en Willem en al gou kaam Teade, Ate syn broer der by te praten, want dy sit by Aaipop en dêr woe hy úteinlik ek in skoft noch by bliuwe. En doe skode mien ik Wybren oan, dy't de earste kear san soad betsjutte hat, en dy helle Aart der letter by. En we fregen Arnold, fuort klear fansels. Sa gongen we om tafel (as bar sil it wol west ha) mei Anne Brouwer oer de horeka. Dêr hat Tsjard Hofstra noch efkes oer meitocht en letter hat Jan Jelle dat sa bêst oppakt. Tinus Visser hawwe we der ek noch by hân foar de techniske saken en hy regelt noch hieltyd in grut part dêrfan. Ek Jos Cartens hat der noch by sitten en moaie dingen dien. Thomas die de webside, Jaring de PR en Tarek makke de posters en sa wat.

Dizze freonen koenen fansels in hiel protte oare freonen dy't fêst san festival wol leuk fine soenen. En dy't miskien wol Bopper as Stiper wurde woenen, want der moast al wat jild komme om it festival op poaten te setten. Dat slagge sûver bêst, we koenen los. We sochten muzyk en oare keunst en betochten hoe't it der út komme moast te sjen en hoe't we it bekend meitsje koenen. Bob Ross kaam as

festivalsymboal út de klaai en is no ús sterke byldmerk. Fan de wildste ideeën hâlde we de beste oer. In protte befreone frijwilligers helpe ús it festival op te bouwen en te draaien.

De earste kear kamen der al goed 500 minsken, wêrûnder de frijwilligers fan Wommels, ek freonen úteraard, fan it feest foar alle frijwilligers fan Wommels dat ik mei goeie freon Pier fan de Keatsferienning organisearre op 'e oare kant fan it swimbad en die't allegear fan harren klup fergees nei it festival mochten. Ta de ankels yn de drek, mar wat in wille. In goed begjin; we hâlden in pear sinten oer en it swimbad koe ek wat krije. Eltsenien dy't west is woe it oare jier wol wer en fertelde it fierder, oan freonen. Der kaam in parsekonferinsje yn de Jimbar en we setten it wat grutter op. Wat seach it der moai út en wat in moai programma. Der kamen noch mear minsken, sa'n 800.

Fan't jier binne we in selsstandige stifting wurden, al is de bân mei it swimbad noch ynlik. Mei yn it bestjoer de hurde kern fan it festival die't oer bleaun is: Ate, Willem, Aart, Jan Jelle en ik. De fergaderingen binne noch hieltyd gesellich en de ideeën noch altiten wyld, dat we kinne noch jieren foarút. We hawwe der wol in echte keunstkommissje by, Rozemarijn, Rixt en Wendelien, dy't no it keunstprogramma fersoargje. It tema dit jier is Oade oan de Frou, op ferskate wiizen sil de frou foar it foetjocht brocht wurde, troch in frou as presintatrise. It programma is noch wer better en it komt der wer fantastysk út te sjen. Mei dank oan ús frijwilligers.

Freonen, freonen fan freonen en freonen fan freonen fan freonen etcetera: Wês Wolkom.



Bestuur stifting Greidhoek' Festival



Lukas Offinga
(voorzitter)

Willem Wynia



Aart Laferte



Jan Jelle Kuipers



Ate de Boer



Kunstcommissie



Rixt Walda

Rozemarijn Strubbe



Wendelien Kloosterman

Column Aant Hofstra

It is augustus 1969. Ik bin krekt 15 wurden en wenje oan de Opslach yn Wommels. Ik sliep op de flering en dat hat sa syn foar-en neidielen. It foardiel is dat ik dêr myn eigen muzykwrâldsje meitsje kin mei in bandrekorder, in radio en in feger. Dy feger haw ik taskood krigen om de boel sa no en dan ris oan te faaien sadat myn mem it ûnhandige treppe net alle dagen ophoecht. De bandrekorder, de radio en de feger binne dêr op souder myn freonen. Mei de feger as gitaar byldt ik my yn dat ik Pete Townsend bin, de gitarist fan the Who. Omdat ik My generation ferskuorrend goed mei stammerje kin fiel ik mij tagelyk Roger Daltrey, de sjonger fan dy selde Who. Ik bin dus gewoan the Who, dêr op de flering.

It is augustus 1969. Yn Bethel yn Amearika stelt boer Max syn lân beskikber foar in muzykfestival dat trije dagen duorje sil. Woodstock, trije dagen fan frede en foaral muzyk. Mear as 400.000 hippies (se hiene 200.000 ferwachte) en oare nijsgjirrige sjogge en heare nei bands dy't it al makke ha en bands dy't it dêrnei hielendal meitsje sille: Ten Years After, Canned Heat, the Who, Joe Cocker, Jefferson Airplan en Santana.

It is augustus 1969 en wylst the Who op Woodstock spilet, bin ik oan it fegergitaren op de flering. Woodstock, hippies, gitaarmuzyk ik hie der bij wêze moatten.

Nei Woodstock komt bij Rotterdam yn it Kralinger Bos yn 1970 ek in grut festival. Al gâns tichterbij mar ik lit myn kâns slúpe. Te jong wierskyklik, besoarge âlders, gjin initsjatyf, ik wit it net mear. Itselde jier Peace yn Riis. Wol plannen mar striemin waar en suertsje at ik bin, ik gean net.

Wij binne no sa'n goeie 40 jier fierder yn de tiid en ik haw al hiel wat festivals mist. Noch nea wie ik op Pinkpop, op Rock Werchter, op Pukkelpop, op Graspop of op Lowlands. Nee, ik kom suver net fierder as it peaskefestival yn Nijlân: Aaipop, dan kin ik de toer fan Wommels noch krekt sjen.

Moaie konserten hjir en dêr geane lykwols net oan mij foarbij, want de lêste jierren sjogge se mij ek hieltyd faker bij de blues yn Easterein, bij de rock yn it Bolwurk yn Snits, bij de alternative pop yn Asteriks yn Ljouwert, bij lerske toppers yn Paradiso en de grutte bands yn Ziggo Dome yn Amsterdam en sels al foar the metal- en hardrock yn it Goffertpark yn Nijmegen. Ja, ek foar Rammstein meitsje ik al in fiere reis.

Ik rin al moai nei de 60 en kin der noch altiten net genôch krije. Fan it mankelike lûd fan Leonard Cohen (18 septimber yn Ahoy bin ik der bij) oant de rock fan Pearl Jam (ferline jier yn Amsterdam) en fan Roekrock yn Weidum oan it Greidhoek' festival yn Wommels.

Wat moai dat ik op 14 septimber yn it skaad fan de toer fan Wommels sjen en heare kin nei in in tige nijsgjirrich programma. Want at ik it no wol of net wol, bij de ska fan mr Wallage is stilstean gjin opsje, foar it teatrale optreden fan Xigatze kin ik de eagen net slute, bij de ACDC lûden fan Crazy Daisy hie it dak derôf gien at it net iepenloft wêze soe, bij the Magical Mystery Tour kin ik meisjonge mei al dy Beatles hits, dy't ik earder net doarde mei te sjongen want ik wie omers foar the Stones en bij de harklieten fan Willy Darktrousers at ik efkes ta mijsels komme wol. Fierders lit ik mij ferrasse troch Cosmic U, Einsteinbarbie (moaie namme, maklik te ûnthâlden) en Hallo Venray, dy't hjir skynber in hiel soad fens hawwe.

En mochten der guon wêze dy't myn echte topper witte wolle, kom dan nei Blackboxred. Ik haw se al meardere kearen sjoen en heard en it docht mij alle kearen wer goed dy alderferskuorrendste bak herrie op meldij. Twa jongelju dy't sa op elkoar ynspile binne it is in aardichheid om te sjen en foar mij ek om te hearen.

Wat mij tsjin stiet oan it festival? Dat is de priis. 6 oeren safolle soarten muzyk en ferivedaasje foar mar 8 euro. 8 euro. Foar âldeloere Leonard Cohen betelje ik 10 kear safolle en dan moat ik der ek noch foar reizgje. Ik soe seker foar in Greidhoekebewenner dan ek gjin inkele reden betinke kinne om der net hinne te gean. Wat soe it moai wêze at it krekt as bij Woodstock alle ferwachtingen te boppe giet. De organisaasje fertsjinnjet it.

Oant 14 septimber.

Missy: De kjessens opskodzje!

Fysje: Troch alle jierren in orisjineel en ôfwikseljend programma del te setten, wêryn totale kreative en artistike fryheid jildt foar alle dielnimmers, wolle we minsken yn de kunde komme litte en ferrasse mei tinzen en uteringen dy't oars as oars binne.

De polderjonges

Ik hie mij wol ris ôffrege wat in oantal jonge mannen út Wommels en neiste omjouwing beweecht, om alle simmers sa healwei augustus nei de polder ôf te reizgjen. Yn mij sels neamde ik se al de polderjonges. Ja dy jonges fan Lowlands. Ik seach it al wat foar mij: wat bier drinke yn de Grolsch groeppe, in fette mûle opdwaan yn HappyHappe-Henne en hjir en dêr wat muzyk belbje. Dat se der foar de muzyk hinne giene, koe ik noch wol begripe mar mei al dy toeters en dy bellen der om hinne, like it mij mear ynspanning as ûntspanning. Twa jier lyn op in sneontejûn seach ik ynienen dat it ôfreizgjen nei de polder Wommels wat oplevere hat. It waard mij ynienen allegear dúdlik. It byld wat

ik fan ik fan dizze jonges hie, waard folslein oan de kant fage. Dizze kultuerdraggers hawwe al jierren harren eagen goed de kost jûn, se hawwe jierren op de sneup west op it festivalterrein yn de polder en se hawwe jierren lang temûk neitocht oer plannen foar in festival yn Wommels. En se hawwe fantasearre en filosofearre mei noch mar in bierke yn de Grolschgroeppe. It wachtsjen wie op in goed momint. Dat momint wie der yn 2011, it krige in ferfolch yn 2012 en gelokkich ek yn 2013.


Ja dy polderjonges hawwe goed wurk levere.

Uitgelicht



Willie Darktrousers

Onheilsvolk uit Donkerbroek. Willie is een jongen met een oude gitaar en een grote zwarte hoed op zijn hoofd. Hij zingt spijkerharde liedjes over de rare spelingen van het lot. Willie is een creatief monster en uniek in zijn soort. Hij vindt zichzelf een troubadour. De inhoud van zijn liedjes is al even verrassend. Hij omschrijft zijn muziek als "namaakblues om je bij achter de oren te krabben." Zijn onderwerp: ellende. Zijn eigen ellende of die van iemand anders. Hij heeft bijvoorbeeld een liedje geschreven over Mohamed Bouazizi, de man die zichzelf in Tunesië in brand stak en zo zorgde voor een roerig jaar vol betogingen en revoluties. Willie's liedjes zijn "minitragedies" maar niet te moeilijk en niet geëngageerd. "Bij geëngageerde muziek maak je in plaats van het ene juist reclame voor het andere. Ik wil geen propaganda maken. Het zijn waargebeurde liedjes die iedereen kan begrijpen." Dat is ook de essentie van zijn muziek:



iedereen moet het kunnen begrijpen en zelfs zelf na kunnen spelen. Hij maakt zijn muziek solo met alleen gitaar en mondharmonica. Prachtig vindt hij dat. "Knoeien met m'n mondharmonica. Ik voel me dan als Karel Appel. Zoals hij schildert, het smijten met kleuren tegen het doek, zo voel ik me tijdens het spelen met m'n mondharmonica. Smijten met klanken." Als we Willie moeten geloven, is zijn muziek fris, origineel en een beetje weemoedig. Bron: (3voor12 VPRO)

🕒 19.30

📍 OP 'E TERP

Xigatze

De muzykploech Xigatze, sprek út as "ksegatze", makket eigen muzyk mei nijsgjirrige Fryske teksten en absurde bylden. Hja hawwe meidien mei koaren, sirkussen en rock-opera's. Ruurd Akkerman drumt en sjongt, Henk Wetting bast, Pier Koopmans gitaar en sjongt, Gerben Gerbrandy gitaar, sampelt, praat en sjongt. In frou yn strielt in harn fermidden, sjongfaam Sjoukje de Boer. Optredens en projekten stean bol fan absurde kreatieve eksperiminten. Xigatze sil op it Greidhoek' Festival in oade oan de frou bringe. En fansels stiet dat garant foar spektakel. Tipke fan de sluer: d'r komme eksoatyske dûnseressen.



🕒 19.00

📍 TERPLÛDEN POADIUM



"Nea earder as Diana Ross dûnser mei in swart tizeboskje op'e holle it poadium opstapt en in grau healoere letter as kreas klaaid laitsjende artyst der wer ôfsweefd. Yn dat healoere hawwe we as DEROELS in bûnt selskip fermakke fan GreideGeastakteurs, Fryske Poëten, Roelettes, Kollega's en

Famyljeleden. Mei dizze Greidhoeksters haw ik mei fergappe oan in bjus-terbaarlik barren mei in ferskaat oan bands, keunst en myn eigen stomme film debút. Dit jier wer? Ja graach, mar dan mei de Bob Ross lúdslânskipskilders de Xigatzers."

GERBEN GERBRANDY, WITMARSUM

**Greidhoeke festival is yn ien wurd:
Een MACTHIGPRACHTIG
FANTASTISCHGEWELDIG
MOOI festival!**

GRYTSJE SUZE ABIMA, ARNHEM



Cosmic U

Cosmic U is een post-rock band uit Leeuwarden. Met melodische lijnen, klassieke invloeden, experimenteel gebruik van instrumenten en minimalistische elementen is het een unieke band die je blijft raken. De sprankelende zangeres Hiltje Andringa wordt begeleid door Diego Torrecilla en Martin Pals, beide op gitaar.

De band neemt je mee op een reis door hun wereld. Deze reis gaat langs de eilanden, met name Vlieland, waar veel inspiratie vandaan is gekomen. Veel mensen, waaronder de programmeur van het Greidhoek' Festival, raken geëmotioneerd door de zang die het diepste van de ziel raakt. Cosmic U kruipt onder de huid en laat niet meer los. Bron: Kleine prijs van Friesland



🕒 19.35

📍 STRETCH POADIUM



🕒 20.45

📍 STRETCHPOADIUM

Magical Mystery Tour

Magical Mystery Tour is in band fan fjouwer entûsjaste jonge knapen dy' t harren ynspirearre litte troch de bekendste band fan de wrâld; The Beatles. De band bestiet út Matthijs Klein (lead zang en rythm gitaar), Vlad Petrachuk (lead gitaar en backing vocals), Bryan Runhaar (basgitaar en backing vocals) en Sjoerd de Vries (drum en backing vocals). Yn desimber hawwe syn yn Kafé Bergsma yn Easterein al efkes hiel wat sjen en heare litten wat sij yn harren mars hawwe. En dan te betinken dat dizze knapen noch yn it aai sieten doe 't de Beatles bestienen. Sjoerd de Vries stie twa jier lyn ek al op it poadium op it Greidhoek' Festival. Doe as drummer by Nicsz.

As ik oan it Greidhoek' Festival tink, wurd ik blier en waarm fan binnen. It docht my net allinnich tinken oan kultuur, muzyk en geselligheid. Ferline jier wie ekstra spesjaal om't myn broer in legendarysk optreden

hie mei syn band Rezelman. It wie in fantastysk om te sjen hoe't ús heit en mem dizze hiele jûn belibbe ha. It wie foar my geweldich genietsjen om te sjen hoe't sy sa geweldich genoaten. Ek dat is Greidhoek festival!

RIXT VIJLBRIEF, GROU



“



“Myn Bobbest Bêst Frysk topstik is...

**Greidhoek' Festival!
Fernuverje dy ek de 14e
fan'e hjerstmoanne 2013!**

GEARTSJE BOUMA, WOMMELS



Eeltsje Hettinga

Ferline jier begeistere tsjebbe hettinga ús op greidhoek' mei syn

ynnimende foardracht. Net folle letter is tsjebbe ferstoarn. Postúm is hy nominearre foar de gysbert japicx priis 2013. Syn broer eeltsje, ek dichter, ek nominearre voor de gj priis, ha we dit jier noege. Eeltsje is ek in grutte ynspiraasjeboarne foar ús en net allinnich troch de gedichten. Bob-x, sprekkers oer nijsjirrige en orisjinele ûnderwerpen op greidhoek' yn 2012, waard ek betocht, nei oanlieding fan it sprekken fan eeltsje hettinga op explore the north 2012, oer de sineeske keunstner ai weiwei (foto).



Eeltsje Hettinga is skriuwer, dichter en sjoernalist. Hy publisearre fiif poëzybondels. Syn debút Akten fan Winter waard bekoand mei de trijejierrige Fedde Schurerpriis fan de provinsje Fryslân. Foar syn poëzy krige er fjouwer kear de Rely Jorritsmapriis. Under it pseudonym Hu Thung-song joech er Yn 'e fal fan jûn yn it ljocht, poëzy mei in Sineesk karakter. Hettinga wie de oprjochter fan it literêre tydskrift Kistwurk (2000-2003). Syn bondel IKADER (2012) is nominearre foar de Gysbert Japicxpriis 2013. It tydskrift De Contrabas dêroer: (...) *Eeltsje Hettinga was enige jaren geleden vooral een opvallende verschijning omdat hij meer rellen wist te organiseren dan de betogers in het Gezi Park, iets wat het zicht op zijn bijzondere dichterschap enigszins vertroebelde. Ik hoop dat deze nominatie daar verandering in brengt.*

21.15

TERPLÛDEN PODIUM

DOCH EN SJOCH! Fanaf 17.00 oere op De Terp. Gratis en fergees!

Doch!

- Sels in skilderij meitsje krekt as Bob Ross ûnder de entûsjaste lieding fan keunstner Paul Smit.
- Klaai en kleur: Jehannes Hibma: Taskôger wurdt keunstner en keunstner wurdt taskôger: Stien, gips, hout, klaai en kleur!

Sjoch!

- Femmes Fataal: Om fiif oere middeis op 'e Terp
- Jong talint: Muzyk en poëzij yn 'e foartún fan it festivalterrein, Terp 18 yn Wommels
- Bernefilm yn 'e tint, alle bern wolkom!
- Undergean FROU: Bylden fan Elmar Kuiper, Poëzij van Jetze de Vries en Lúd fan Sytze Pruikma
- In machtige eks posysje van ferskate byldende keunstners
- Tusken skrapkes: "Net ferjittle! Oanskôgje de bebuordzjerij nei it festivalterrein ta; makke troch learlingen fan it Bogermancollege"

Byldhouwatelier Jehannes Hibma

Keunstner Jehannes Hibma stiet dit jier op it Greidhoek' Festival mei it tema:

Ien stopkontakt en de taskôger sil keunstner wurde en de keunstner taskôger.

Dit jier gjin wiidweidige eksposysje mei eidoazan en demonstraasjes byldhouwen, want dat witte we sa stadichoan wol. Útgangspunt is dit jier ien stopkontakt, jawol jim lêze it goed: ien stopkontakt!!!!, en wat romte dêr omhinne. It hat de skyn dat it in besunigingsaksje yn kristiid is fan de organisaasje fan it Greidhoek' Festival, mar dat is perfoarst net it gefal. De keunstner wol mei maksimaal ien stopkontakt in performance begjinne. De taskôger sil hjirby stadichoan keunstner wurde en de keunstner sil ta taskôger twongen wurde. Mear kin der fan dit keunstprojekt net sein wurde, útsein dat der yn de rin fan de jûn in bysûnder keunstwurk sil ûntstean.



Worksjop 'Skilderje as Bob Ross' mei Paul Smit

Paul Smit is byldzjend keunstner en wennet yn Wommels. Yn syn wurk komt Bob Ross sa no en dan foarby op in skildery. Paul krûpt yn de hûd fan Bob Ross en sil as dé master himsels in kursus jaan: De kursisten sille 'de lol fan it skilderjen' (frij fertaald nei 'the joy of painting') belibje as se de loft skilderje, de bergen en de beammen. Dit alles mei de echte Bob Ross as ynspiraasjebron op it skerm fan in tillefyzje. Foar dizze masterlike worksjop kinne jo je opjaan op de jûn fan it Greidhoek' festival sels, mar as jo wis wêze wolle fan in moai skildery foar thúshoppe de bank, dan kinnen jo je foar de earste twa worksjops opjaan fia it e-mailadres info@greidhoekfestival.nl. Oan eltse worksjop kinne fiif kursisten meidwaan. Dielname kost mar ien lúzich muntsje. De earste rûnte start om 19.30 oere, de twadde om 20.30 oere en de lêste rûnte start om 21.30 yn 'e keunstwrâld. Doch en Sjoch! op it festivalterrein.



FROU (Harkspul)

FROU is in poetyk harkspul, dêr't mei in koptillefoan op yn in oere wrâld terjochte komst. De lûden dy't heavrst wurde stipe troch bylden fan fammen en froulju, greide, fûgels, balstjurrige hynders en kij. Hearst sawol de stim fan in man as fan in frou. Der sprekt in soad langstme út har wurden. De langstme nei in oar is grut, it fjoer lóget sa no en dan op. FROU is in dream, dêr't ivich yn omdjoeie wolst.

Tekst: Jetze de Vries
Byld: Elmar Kuiper
Lúd: Sytze Pruikma
Stimmen: Jetze de Vries en Rinske Bergsma



Bernefilmkes (mar ek leuk foar grutte minsken!)

Buorman en buorman dogge in hiel soad putsjes. Eins giet der dan altyd wat mis. As se bygelyks in gat yn it dak reparearje wolle, wurdt dit gat hieltyd grutter. Aldergelokst ha se op de ein fan it ferhaal meastentiids in oplossing foar it probleem. "A je to!" (Tsjegysk foar "En dat is it!") sizze se dan.



Poëzie en muzyk op de Terp (gratis)

Aan de Terp laat het jonge talent zich horen met muziek en poëzie! Graag stellen wij ze even aan u voor:

Willie Darktrousers (is uitgelicht elders in deze bijlage)

Esther de Jong is 19 jaar en studeert Muziek aan de Academie voor Popcultuur. Ze schrijft Engelse en Nederlandse nummers die iemand ooit heeft gekenmerkt als melancholisch en meeslepend. Daar is ze het eigenlijk wel mee eens. Ze houdt van thee met melk (en suiker), praat tegen haar kat en is nog steeds blij met haar zwarte gitaar die ze een aantal jaren geleden heeft gekocht.



Miranda Hooijenga is 19 jaar oud en woont in Burgum. Al vanaf haar 5e levensjaar is ze actief in het maken van muziek. Ze schrijft haar eigen nummers, geïnspireerd door haar grootste voorbeeld Elske DeWall. Ze heeft meegedaan aan het project Tunes of Talent, waarbij ze studio ervaring heeft opgedaan en haar eigen nummer heeft op een verzamel cd van singer-songwriters. Kijk hiervoor op tunesoftalent.nl. Op het Greidhoek' festival zal ik een paar eigen nummers en een paar covers ten gehore brengen.



Marte de Jong (1993) studeert Kunstgeschiedenis aan de Universiteit van Amsterdam, al loert ze nog altijd met een schuin oog naar Filosofie. Daarnaast schrijft ze, maar dan meestal niet in de derde persoon. Desondanks stond ze met haar proza en poëzie op festivals als 'Dichters in de Prinsentuin' en op poëzieavonden in Amsterdam. En nu ook, voor de tweede maal, in Wommels. Kijk ook een op www.koffiedik.tumblr.com



Laat u verrassen door de drie betoverend mooie Bobbie Rossaas die rond dertelen op het festivalterrein...

“

Tsjebbe Hettinga... Ik verstond misschien maar de helft, maar wat een ervaring om dat nog eens meegemaakt te hebben! En dat allemaal in het voorprogramma van de Fortunate Sons.

Dit is Lowlands in Wommels! Fantastisch!

HARRIE STRUBBE, WOMMELS

GREIDHOEK' FESTIVAL 13

WAT IS WANNEAR EN WĒR? - WAT IS WANNEAR EN WĒR? - WAT IS WANNEAR EN WĒR?

Lokaasje	17:00	18:00	19:00	20:00	21:00	22:00	23:00	00:00	01:00
Doch en Sjoech									
Terp	Femmes Vartaal 17:00 - 18:00		Poezie en muzyk 18:30 - 19:15	Willie Darktrousers 19:30 - 20:00					
Stretch				Cosmic U 19:30 - 20:00	Beates tribute (Original Mystery Band) 20:45 - 21:20				
Haadopodium		Xigalze 19:00 - 19:30		Einsteintable 20:10 - 20:45	Beckhoeked 21:30 - 22:10				
				Eelstje Hettina (Duo) 22:20 - 21:30		Helle Verray 22:10 - 22:30			
						Mr. Wallace 22:30 - 23:00			
							Crazy Daisy 23:30 - 01:00		

2 frijkaartsjes winne!

Ek dit jier binne der wer 2 kaarten te winnen foar it Greidhoek' festival!

Meitsje in moaie fakansjefoto fan ien mei in machtige Bob-prúk ("BéBob") en in kwast yn de hân op in spesjaal plak. Dat mei by de Martinitoer wêze, mar ek by Mantsje Pis of Ús mem of betink sels mar wat. Mail de foto nei info@greidhoekfestival.nl en meitsje sa kâns op 2 frijkaarten foar it Greidhoek' Festival 2013. Healwei septimber meitsje wy bekend wa 't der wûn hat. Prûken kinne jim eftueel by ús bestelle. Sy koste €10,- per stik. Je meie fansels ek best efkes ien liene.

Kaarten

De kaarten foar it Greidhoek' Festival koste ek dit jier wer €8,- per stik. Bêrn oan 't en mei 12 jier meie fergees nei binnen. Kaarten kinne je bestelle fia ús webside: <http://www.greidhoekfestival.nl/kaarten-bestelle-2> As jo de kaarten besteld hawwe dan nimme wy sa gau mooglik kontakt mei jo op. Jo meie it ferskuldigde bedrach dan oermeitsje op ús rekken en wy soargje derfoar dat jo begjin septimber de kaart(en) yn de hûs hawwe. Jo kinne ek kaarten bestelle troch efkes in mailsje te stjoeren nei info@greidhoekfestival.nl. Fanôf 30 augustus binne de kaarten ek te krijen yn de Jimbar yn Wommels.

Lokaasje

It Greidhoek' festival fynt plak op it smûke Wommelser swimbadterrein, mei fanôf 17.00 in noflik aperityfke op de Terp. De tagong nei it Greidhoek' festival is oan de kant fan de jachthaven (fan de Terp-kant ôf te berikken). Hjir sille jim fêst wer op in eigensinnige manier mei iepen earmen ûntfongen wurde. Parkeare kin ú.o. by de Jumbo oan de Terp. Buorden sille dúdlik meitsje hoe't je op it festivalterrein komme. Ek kinne je fansels netsjes in plak-je foar de auto fine earne oars yn Wommels. Bygelyks de parkearplakken fan de skoallen oan de Walperterwei binne hjirfoar geskikt. **Lytsjild kinne je wol thúslitte, yn de hiele Greidhoek' is it parkeren fergees.**

Húskes

Ek foar de húskes kinne jim it lytsjild wol thúslitte. Fansels is it gebrûk fan de húskes op it Greidhoek' Festival fergees en kinne je foar neat út de broek.

Tiid

It festival begjint dit jier om 17.00 op de Terp yn Wommels. Om 19.00 sil it programma fierder gean op it festivalterrein oan 't stipt 1.30.



"Dit festival is super gesellich foar jong & âld en foar hip & wollich! Dus allegear der hinne!"

ESTHER VELLINGA, SCHETTENS




It stiet alwer moannen yn myn agenda:
It Greidhoek' Festival. Foar alwer de tredde kear sjoch ik út nei dit barren, wat as in waarme tekken oer jo hinne falt at jo der goed en wol binne. In poadium foar muzyk, mar ek in ferhaal of in gedicht, mei elts jier wer in oar tema. Ik wit net wat jo dogge op de 14e septimber, mar ik bin yn Wommels!



KEUNSTICH PLATTEGRÛNTSJE TOCHT IK SA!

RUURD VELDHUIS, YSBRECHTUM



"De oanrin nei it Greidhoek' Festival is tige spannend fyn ik. Foardat je by it festival terrein binne is der al wat te belibjen en te sjen. De spanning wurdt sa op in oangename manier opboud. Begelyks de knypeachjende eachen. In bertekanaal nei it festival. De oanklaaiing is smûk en soarget foar in moaie foarm fan yntimens en burgen-wêzen."

WELMOED KUIPER, BOKSUM

Live fan Bob de Twitterfûgel:



RT: @Bob_greidhoek is gek op moaie froulje!

Einstein Barbie



EinsteinBarbie bestiet sûnt 2007 en makket mei nammen frisse pop-rocky-hiphop-jazz. Dit jier stienen sy noch yn de finale fan de Grote Prijs van Nederland. Sy wienen û.o. alris te hearen by Spuiten en Slikken, 3Voor12, Radio 6 en KINK-FM. Sa 't sy sels sizze hawwe sy it meast seksy publyk fan de wrâld. Dat sil op 14 septimber al hielendal sa wêze fansels.

Begjin augustus kaam EinsteinBarbie mei harren nije single út. Dit nûmer giet oer in onenightstand dy 't de mem fan frontfrou Stella Bergmans hân hat mei "James Bond" Sean Connery.

Genietsje fan dizze skitterjende froulju en harren opswyfkjende muzyk

🕒 20.10

📍 TERPLÛDEN POADIUM

Hallo Venray



De sjonger fan de legendaryske Haagse band Hallo Venray, wie ferline jier te gast op it Greidhoek' Festival en wie ûder de yndruk fan de sfeer en de organisaasje. Hij woe graach weromkomme mei syn kameraden fan Hallo Venray. Dat hoechde hy net twa kear te sizzen. Hallo Venray is neffens in oantal leden fan it Greidhoek' bestjoer ien fan de beste nederlânske bands fan de ôfrûne desennia. Yn 2012 bestie de band 25 jier en dat fierden hja mei in úferkocht konsert yn Paradiso Amsterdam. Wy wiene der bij en kinne net wachtsje op harren optreden.

🕒 22.10

📍 STRETCH POADIUM

Crazy/Daisy



Crazy/Daisy is op dit momint dé coverband fan de Australyske rockers AC/DC. Wa kin se net? Thunderstruck, Let There Be Rock, Highway to Hell en gean sa mar troch. By de earste akkoarden sille je de nûmers lyk herkenne al hawwe je se net mear heard sûnt je gjin lang hier mear hawwe. Dizze AC/DC-tributeband is fan doel in bult lol te meitsjen op en foar it podium. Dat wurdt dus switte en hollebatse. En dan moat dé oade oan de frou noch komme: Whole Lotta Rosie!!

🕒 23.40

📍 TERPLÛDEN POADIUM

BlackBoxRed



Grunge duo BlackboxRed is al een aantal jaren een graag geziene gast op de binnenlandse én buitenlandse festivals. Eva van Netten en Stefan Woudstra tourden dit jaar al samen Claw Boys Claw langs alle grote podia in Nederland en kregen onlangs nog de persoonlijke goedkeuring van Triggerfinger drummer Mario Goossens. Begin dit jaar werden in Frankrijk de opnames voor het debuutalbum afgerond. De release voor het eerste BlackboxRed album staat gepland voor september dit jaar. En wat stienen sy ein maaie te rocken yn it Bolwurk yn Snits as foarprogramma fan Claw Boys Claw. Dizze Ljouwerters soargen foar in grutte wynpûster wer 't gjin Súdwesters tsjin bestân wie. Wat lûd, stevich en dûnsber. As je de eagen iepen hâlde koenen dan seagen je in kreas famke op gitaar en in jongkeardel op drums rocken, wylst it fiede as wienen sy mei in man as 5. Sneon 14 septimber sille sy it dak derôf spylje en soargje foar in fetlike, fette, geile, gleie, ferbolgen loft. Tonger! Ein july spilen sy op it nije festival yn Ljouwert; Welcome to the Village. Dêr lieten se yn een strakke sjo sjen dat se een topakt binne, wêr we grutsk op wêze meie.

🕒 21.30

📍 TERPLÛDEN POADIUM

Mr. Wallace



Dansen zul je! Heerlijke vette ska van eigen bodem. Sinds het voorjaar van 2010 knalt Mr. Wallace in volle vaart door Nederland. Retestrak, uptempo en met een poppy feel die je sinds No Doubt en the Selecter niet meer hebt gehoord speelt deze band overal de zalen plat. En over een ode aan de vrouw gesproken: Wat een heerlijke zangeres, vol energie, gevoel en charisma. Op Welcome to the Village in Leeuwarden zetten ze met een fantastisch optreden de hele tent op zijn kop. Er wordt in heel den lande indruk gemaakt op festivals als de Zwarte Cross en grote popzalen als de Melkweg, de Oosterpoort en Paradiso worden steevast op hun kop gezet. De band wordt uitgenodigd door de 3FM studio's en ook worden succesvolle showcases gespeeld tijdens Eurosonic in hometown Groningen. Als kers op de taart worden verschillende popprijzen in de wacht gesleept.

🕒 22.50

📍 TERPLÛDEN POADIUM

"Fersyknummers via facebook, seis wiken. plaatsjes utsykje, twaa dagen. Mei in bevriende dj nei wommels reizigje seis oeren. Iedereien ut syn dak yn in dampende stille disco, tittleas."

**PYTER HIEMSTRA,
ERGENS DJIP YN IT LÂN**



“



"It festival is ferrassend en unyk kwa artysten mar ek dekor. Makke troch entûsjaste minsken mei 'n humoristyske noat. At je d'r binne tinkst: hoe betinke se it!

Machtich. "

ANNEKE VAN DER HOFF, WOMMELS

Aldste Besiker

Wij witte no al wa't de âldste besiker wêze sil op it festival fan 14 septimber. Of dochs net? Wij binne benijd at der immen noch âlder is as frou van der Sluis, want dy hat tasein dat sij komt. Hoe âld sij is doarre wij har net te freegjen, mar se liket ús rom boppe de 60. Greidhoek'festival foar âld en.....



Youngest Bob

Neist al dy boppers fan middelbere leeftyd of noch âlder út eigen omjouwing hawwe wij ek in Bobke út it fiere Utert. Machtich moai dat de 6 moanne âlde Ate Heldens syn bûsjild leaver útjout oan it festival fan de takomst dan oan in pretpark fan hjoeddedei. Greidhoek'festival foar jong.....



Presentatrice 2013



Mystery guest

“



Foar my is it Greidhoek' festival in jûn lang ferrast wurde. It iene momint fiele je je opnij berne troch binnen te kommen troch in bertekanaal, it oare momint gean of je yn gesprek mei in keunstner dy't syn libben wijt oan it meitsjen fan prachtige bouwurken fan

aaidoazen, en wer twa tellen letter stap je in tinte binnen wêr't eltsenien stiet te dûnsjen op de diskomuzyk dy't twa dj's op in âlderwetske platespiler draaie. De muzyk is meastal goed, mar ik kom foaral foar it echte festivalgefoel.

NAMKJE KOUDENBURG, GRINS

OOK OP EEN FESTIVAL IS ER EEN **BOB**

“

Boppers yn de Bob-100!

Om ek dit jier wer sterk útein te setten is der kapitaal nedich en dêr hawwe wy belutsen minsken foar nedich. Foar € 40,- krijst 2 frijkaarten, in plakje yn de Bob-100 en fansels ivige rom en respekt. Set dysels yn de Bob-100 edysje 2013 troch op www.greidhoekfestival.nl/boppers dyn gegevens yn te foljen. De frijkaarten komme dan begjin septimber nei dy ta. De Bob-100 sjocht der oan 't no ta sa út:

1. Maeike en Klaas
2. Popko & Anna-Marie Wijnia
3. Harrie Strubbe & Emma van der Most
4. Pier & Anke Zijlstra
5. Sipke & Antsje Reitsma
6. Meinte & Klaske Wesselius
7. Aant & Jellie Hofstra
8. Aly & Ties Hiemstra
9. Ate Heldens
10. Marian & Michel
11. Lukas & Marieke
12. Marcel Boonstra & Nynke Hettinga
13. Sjaak & Marij
14. Henk Ebbinge & Margriet Andringa
15. Wybren & Namkje
16. Teade & Janneke
17. Johan & Rixt
18. Jaap & Tine
19. Sjoerd van Beem
20. Fam. Koper
21. Pieter-Jan Kronemeijer
22. Franke Wiersma
23. Jelle de Boer
24. Harry & Maaïke
25. Andre & Gonda
26. Kees & Esther de Koning
27. Jurgen en Caroline
28. Erik & Cindy
29. Thom & Afke
30. Joop & Marike
31. Tseard & Carla
32. do?

Stipers oftewol groue-Boppers

Om it Greidhoek' Festival troch te setten is ek grutkapitaal nedich. Stypje kin op twa manieren: Bopper as Stiper(groue Bopper). Kinst Bopper(freon) wurde of kinst as bedriuw ynfestearje (stiper c.q. groue Bopper) wêrtroch de bedriuwswamme troch ús aktyf promoaten wurde sil.

Skriuw it bedriuw yn troch te mailen nei info@greidhoekfestival.nl of kontakt op te nimmen mei Lukas Offinga: lukasoffinga@gmail.com / 06 20 34 33 80

Ús haadstiper dit jier is:

Okkema Leanbedriuw út Easterein

De folgende bedriuwen meitsje it **XELVIN**
Greidhoek' Festival mei mooglik:

Accelent
2-Rent
Allicht
Amaranthus
American Base
Autobedriuw Twijnstra
Bos Konstruktie en Machinebouw B.V.
Bouwhuis
Brouwers Skilders
De Jong Tweewielers
Effectief Onderwijs
FIC-Financials
Folkert Nijdam
Freez.it
Gerbrandy
Hankel
Hotel de Veerman
Iisbaankeukens
Jimbar
JRF-produkties
JUMBO
KBC
Ligthart
Luuk van Ruiten
LVG
Mannen van Staal
METZ-Style
Multiservice Bos
Nanning Dijkstra
Nijdam Skildersbedriuw
Op 'e Skille
Opvallend
Rabobank
Ruurd Veldhuis
Smidse
Staat van Creatie
Teledatacom
TMB De Jong
Van der Velde Kraanverhuur
WD-SAT
Wheagan
Wiersma Equipment



De Ythoeke

Ek fan't jier op it Greidhoek' Festival wer in tige smûke ythoeke mei apart, mar machtich lekker iten. Der binne echte Amerikaanske Hotdogs fan de Hotdog Roller Grill fan de Foodbrothers en allegear Spaanske Tapas út de bus fan Olijfenzo. Fierder is de Crêpe Kraam der wer mei pankoeken en is der kofje te krijen by de Kaldi yn ferskate fariaasjes. Wat der noch mear komt bliuwt noch efkes in ferrassing. It festival begjint al betiid, foar itenstiid yn de foartún op 'e Terp, en hâldt let op, fier nei midsnacht, dat Bob seit: "Je krije al sin yn wat sa'n lange jûn".

Reklamedoeken oan de dyk

De reklamedoeken fan Greidhoek' Festival yn it lân njonken ferskillende drokke diken binne sponsore troch de FKWWI, de Feriening Kollektyf Wynmûnebesit Wommels lens, dy't yn Wommels en lens al sa'n soad moaie dingen mei mooglik makke hat. Se binne tige kreas en kinne jieren mei (der kin in oare datum op), dat Bob seit: "Ik kom no rûnom as in pronkje út de greide".

